


WEI, MAR NET FERGETTEN



Cor Waringa

WEI, MAR NET  
FERGETTEN

*139 in memoriams*



BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan:

Provinsje Fryslân  
Boersma-Adema Stichting  
Douwe Kalma Stifting  
Feitsma Fûns - Fûûns fwar it Frysk

© 2025 Cor Waringa | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach: Barbara Jonkers  
Foarmjouwing binnenwurk: Julien Hoekstra-Kermans | DTP-Atelier

ISBN 978 94 6471 270 4  
NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, Hellingbaas 1, 8401 JH De Gordyk, Nederlân – [info@bornmeer.nl](mailto:info@bornmeer.nl).

Bornmeer is in ymprint fan  
20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

[www.bornmeer.nl](http://www.bornmeer.nl)



## YNHALD

Foarwurd 9

*Yn dizze alfabetyske folchoarder binne de In Memoriams yn dit boek opnommen*

Akker, Pietje van den	13	Dijkstra, Roelof	78
Altenburg, Bauke	15	Douwstra, Dienneke	80
Bakker, Gerrit Sybren	17	Faber, Cees	83
Bakker, Tjitske	19	Ferwerda, Tryntsje	85
Balt, Jan	22	Galema, Bote	88
Banga, Durkje	24	Galiën, Leo van der	90
Beetstra, Sipke	27	Geerts, Reinder	93
Bergsma, Tryntsje	29	Graaf, Evert de	95
Bijlsma, Germ	32	Groot, Corrie de	97
Bloem, Johan	34	Haan, Frits de	99
Boarnstra, Binne Lützen	37	Haan, Oene de	101
Boer, Eelkje de	39	Haisma, Jikke	104
Boer, Reintsje de	41	Heide, Bauke van der	106
Boersma, Tiertsje	44	Hellinga, Onno	109
Boorsma, Tseard	46	Helmus, Henkie	111
Boskma, Rienk	49	Hendriksma, Jan	113
Bosscher, Metsje	51	Hijum, Bob van	115
Bouma, Ele	53	Hoekstra, Aafke	118
Bouma, Gerrit	56	Hoekstra, Pieter	120
Bouwmeester, Gorrit	58	Hoekstra, Wiebe	122
Bruinsma, Jelle	60	Hoogsteen, Goffe	125
Buis, Wieger	63	Hornstra, Fekke	127
Burghgraaf, Nel	65	Hotsma, Kees	130
Buruma, Joke	67	Huisman, Jurjen	132
Cnossen, Pieter	69	Jager, Hindrik de	135
Dam, Annette	72	Jensma, Theunis	137
Dijk, Arend van	74	Jong, Holkje de	139
Dijkstra, Jaitse Jelle	76	Jong, Siebolt de	142

Jong, Tiny de 144  
Kalsbeek, Freark Jan 146  
Katsma, Binne 149  
Kemker, Durk 151  
Kieviet, Douwe 154  
Kleefstra, Fimke 156  
Knol, Hâns 159  
Kok, Dirk Willem 161  
Koning, Tjitske 163  
Kooistra, Henk 166  
Koopmans, Age 168  
Koopmans, Feikje 170  
Koopmans, Grietsje 173  
Koopmans, Hinke 175  
Lanting, Wijtze 177  
Lei, Joop van der 180  
Lolkama, Titus 182  
Looijenga, Bonne 185  
Meer, Sijbolt van der 187  
Minnen, Tjalling van 190  
Molen, Doetie van der 192  
Mous, Bettie 195  
Mulder, Gepke 197  
Mulder, Leny 199  
Muurling, Bertus 202  
Nauta, Hannes 204  
Okkinga, Douwe 207  
Otter, Namle 209  
Poelstra, Feike 212  
Polder, Hilly 214  
Postma, Marten Kerst 216  
Postmus, Lucy 219  
Reinsma, Anna 221  
Renzema, Anna 223  
Ringh, Broer de 226  
Roi, Henk la 228  
Roos, Hendrik Heie de 231  
Schaafsma, Geeske 233  
Scherjon, Eelke 236  
Seijen, Melis van 238  
Silvius, Ruurd 240  
Smit, Hessel 242  
Snijder, Janke 245  
Speelman, Jan 247  
Steenstra, Sipke 250  
Talsma, Tsjerk 252  
Terpstra, Pieter 254  
Tienstra, Alex 257  
Timmermans, Gerrit 260  
Travaille, Jacob 262  
Veen, Arjen van der 264  
Veen, Wiepie van 267  
Veenema, Wiebe 269  
Veenstra, Cor 272  
Veenstra, Jehannes 274  
Veenstra, Johnny 277  
Venema, Albert 279  
Visser, Doet 282  
Visser, Jacob (Babs) 284  
Visser, Sjoerd 286  
Voolstra, Johannes 289  
Vries (1), Bauke de 291  
Vries (2), Bauke de 293  
Vries, Jelle de 296  
Vries, Katharina de 298  
Vries, Tine de 300  
Wal, Itte van der 303  
Wassenaar, Jaring 305  
Werff, Hanne van der 307  
Westra, Sjoerd 310

Wijma, Gepke 312  
Wijmenga, Romke 314  
Witteveen, Harmen 316  
Woude, Aaltsje van der 318  
Woudwijk, Hindrik 321

Ykema, Wiekje 323  
Zeinstra, Hannes 326  
Zeinstra, Minke 328  
Zoodsma, Gaatze 331  
Zuidema, Anne 333

*Nammen fan troude froulju alfabetysk neffens de manljusnamme*

Anema-Koning, Tjitske  
Bartstra-Bergsma, Tryntsje  
Boeijenga-Bosscher, Metsje  
Bouma-Mulder, Gepke  
Bruinsma-Ykema, Wiekje  
Galama-Zeinstra, Minke  
Grijpstra-Banga, Durkje  
Groenhof-van der Wal, Itte  
Hoekstra-Wijma, Gepke  
Kootstra-Koopmans, Hinke  
Kramer-Snijder, Janke  
Kuipers-Boersma, Tiertsje  
Oevering-Bakker, Tjitske

Rinkema-de Jong, Holkje  
Rodermond-van der Woude, Aaltsje  
Stiphout-Polder, Hilly van  
Vaartjes-Mulder, Leny  
Veenstra-de Vries, Katharina  
Vries-van der Werff, Hanne de  
Weide-de Vries, Tine van der  
Wittermans-Haisma, Jikke  
Woudstra-Kleefstra, Fimke  
Ybema-Reinsma, Anna  
Ytsma-Douwstra, Dienke  
Zwart-Koopmans, Feikje





## FOARWURD

Cor Waringa waard berne op 21 july 1944 yn it *Diakonessehûs* yn Ljouwert. Hy hie in grut bosk swart hier, dat de susters neamden him *it ûnderdûkte Joadsje*. Hy groeide op yn Aldeboarn en op syn achttjinde gie er nei Amsterdam om skiekunde te studearjen. Wa hie doe tinke kind dat er santjin jier letter as dominy yn Fryslân weromkomme soe?

Dit hie samar in stikje wêze kind út myn eigen *In Memoriam*, dat dan net troch my, mar troch in oarenien, ergens tusken 2011 en 2020 yn it programma *Buro de Vries* útsprutsen waard. Want wa is wis fan syn bestean? Wa wit dat er oer trije jier noch libje sil? Ien dy't wykliks minsken dy't in ferlies lit hawwe opsiket, rekket wol oertsjûge fan it wiffe fan in minskelibben. Fan 2011 oant 2020 haw ik 386 kear by neibestendens op besite west. 'Hoe komme jo oan dy minsken?' waard my wolris frege. Ja, soms krige ik in tip, mar yn 'e regel gie ik sels op syk. Dan foel my yn in rouadvertinsje wat op. In oare kear hie ik sels de tsjerklike of de net tsjerklike útfearing laat. Krekt oarsom is it ek in oantal kearen bard dat ik frege waard de routsjinst te lieden fan ien fan de trouwe harkers.

Kontakt sykje mei de neibestendens, in ôfspraak meitsje, en dan derhinne. Nei Starum of Kollumerpomp, nei de Bjirmen of de ginne kaante fan 'e Tsjonger op. Elke kear wie it wer spannend. Wêr kom ik telâne? Sil it petear plak fine op in bankstel fan echt skai yn in kreaze trochskynkeamer fan in nijbouwenning, of yn in boufal fan in pleats oan in tafel mei in plusen kleedsje derop? Yn 'e advertinsje stie: 'Us markante broer'. Wat soe him sa markant makke hawwe? Dat hie dan syn útfallen. In kear betsjutte de eigensinnigens fan 'Us leave, eigensinnige muoike' allinne mar dat se de lêste wike net mear fan bêd ôf komme woe. In oare kear sei de rouadvertinsje dat heit oan 'e

ein ta tige humoristysk wie, mar it foel foar de bern net ta om dêr in konkreet foarbyld fan te jaan. 'No gewoan, hy koe der altyd sa moai by komme.' De sechstjin bern fan in mem dy't fierstente betiid stoarn wie, bliken yn it echt fjouwer bern en tolve beppesizzers te wêzen.

Mar alle kearen kaam der wol in ferhaal út. Elk minskelibben hat ommers syn ferhaal. De iene kear is dat spektakulêrder as de oare kear, mar ek yn in libben dat libbe is yn ienfâld, fan in heit dy't noait fan 'e pôle kaam, fan in soan mei beheinings dy't net op himsels wenje koe, fan in mem dy't oars neat die as soargje en dy't, as har miening frege waard, altyd sei: 'It is sa't heit it seit', ek yn dy libbens sitte eleminten dy't de muoite fan it fertellen wier wol wurdich binne. Mei klam sei ik altyd: 'It giet oer gewoane minsken. Net oer pommeranten, of ferneamde persoanen. Dy krije genôch omtinken yn 'e parse.'

Myn frou Greetje en ik meie, lykas in soad minsken yn 'e hjerst fan harren bestean, simmerdeis graach fytse. Withoefaak wiis ik har dan ûnderweis op in pleats of in wenhûs. 'Sjoch, dêr haw ik ek in kear west foar in *In Memoriam*.' Faak bart it dan, dat yn myn ûnthâld hiel stadichoan wer flarden fan sa'n libben nei boppen komme. 'Der wie wat mei in autoûngelok', 'dy pleats is leau 'k trije kear ôfbrând', 'dêr wenne in man dy't it libben net wer op 'e rails krije koe, nei't syn frou en beide bern stoarn wiene.' Ik kin net lâns Warten komme of ik tink oan Gorrit Bouwmeester. As ien it by him bedoarn hie, kaam it noait wer goed. Dan koe er de kroech ynstappe mei de wurden: 'Goejûn allegearre, op ien nei.' Yn Damwâld moat ik altyd tinke oan Hindrik de Jager, de soan fan de slachter, dy't kok waard op in cruiseskip en op syn jierdei dûnse mei Doris Day. Jaitse Dykstra, dy't doe't er yn Snits begroeven waard, op de grêven links en rjochts blomstikjes sette litten hie. Foar de nije buorlju. Pytsje van den Akker dy't har inisjalen *PvdA* altyd mei eare droech. By har ôfskied lei de reade flagge dy't heit en mem eartiids út it rût hongen oer de kiste en – like

ynmoedich as by in tsjerklike útfearde songen waard *Wat de toekomst brengen moge* – klonken hjir de wurden: *Wij zijn jong en de wereld ligt open*.

Oantinkens oan al dy minsken dy't ik noait kend haw mar dy't nei har stjerren by my ta libben kamen. Guon regelen foar de útfearde alles sels. By Oene de Haan yn *Jobbegea* waard de wite kiste mei it *Ajax*-logo derop ôfleverde wylst er op 'e bank in swier sjekje siet te roken. Oaren seine tsjin de bern: 'Dêr rêde jimme wol mei.' Guon wiene mei de ein yn sicht mismoedich: 'Noch safolle plannen, fierstente betiid, it wie net earlik.' Mar ja, 'earlik' is net in wurd dat fan tapassing is op 'e dea. Sommigen wiene oan it lêst ta optimistysk of yn elk gefal realistysk. Feikje Koopmans, like read as Pytsje van den Akker, moast in skonk misse. 'Hawar,' sei se, 'eartiids siet ik op *Be Quick*, dat dit sil ik ek wol oprêde.' Minsken stoaren sa't se libbe hiene. By it opnimmen fan in *In Memoriam* yn 'e studio sei in technikus in kear: 'Spitich dat jo ferhaaltsjes altyd ferkeard ôfrinne.' Ik joech as beskied: 'Ja, it rint steefêst út op 'e dea, mar dat wol net altyd sizze dat it in ferkearde ôfrin is. Soms is it ek wol goed.'

386 kear in *In Memoriam*. 386 kear ergens oanbelje en in goed oere letter wer yn 'e auto stappe mei in minskelibben. Der waard út en troch skriemd, mar wol gauris ek lake. Graach wol ik alle minsken dy't my talitten hawwe yn harren libbenssituaasje en yn harren fertriet tige tank sizze foar har reewilligens en har fertrouwen. Fan dy 'neiskriften' by in minskelibben binne yn dit boek 139 opnommen.

Cor Waringa



# Pietje van den Akker

1927 - 2007


Pytsje van den Akker waard berne op 11 oktober 1927. Har âlden hiene in winkeltsje oan 'e Aldegalileën yn Ljouwert. Op 'e *Tsjerk Hiddesskoalle* koe se goed meikomme, dat se mocht dêrnei nei de ULO. Se groeide op yn in read nêst, alhiel yn 'e sfear fan 'e SDAP. As bern en jongfaam wie se al aktyf belutsen by it wurk fan 'e *AJC*, de *Arbeiders Jeugd Centrale*, dy't as doel hie om arbeidersbern nei it eigen kultuerideaal op te fieden en te ûntwikkeljen. Gjin drank, net roke, in soad yn beweging, sjonge, muzyk meitsje, folksdûnsje, oare oertsjûgings respektarje. Mei Pinkster yn 'e trein nei Nunspeet en dan rinnende- en sjongendewei op nei it kamp op 'e Paasheuvel yn Vierhouten: *Wij zijn jong en de aarde ligt open*. It drege folk op 'e Veluwe koe it net bot wurdearje. Op 1 maaie ier en betiid nei de Grutte Wielen om pinksterblommen en djerreblommen te sykjen. Dêr waard de maaibeam mei optûgd yn 'e tûn fan *It Sinneljocht* oan de Grinzerstrjitwei. Oan 'e Aldegalileën hong dan de reade flagge út.

Nei har skoaltiid kaam se op 'e administraasje fan it telefoandistrikt. Dêr hat se wurke oant se mei 58 jier mei de VUT koe. Jawis, se hie dêr wol opklimme kind, mar dat woe se net, of dat doarste se net. Pytsje wie ûnwis fan aard, koe mar min ferantwurdlikheid nimme en selsstannich ta in beslút komme. Se wie skrutten foar nije dingen, hold har by it âlde fertroude, sels oan it merk fan har ûnderklean ta. Har boppeklean wiene meastentiids blau en read, de *AJC*-kleuren. Mar bûten it wurk wie se tige aktyf. Wat hat se net yn in protte bestjoeren sitten: fan 'e *AJC*, fan it *Nivon*, fan de partij, fan *Humanitas*, de *ANDO*.

Manljusfleis siet der net oan by Pytsje. Fan har *AJC*-tiid ôf wie se tige befreone mei Bettie van der Meulen dy't, krekt oarsom as Pytsje, it inisjatyf naam en gjin muoite hie om út 'e ried te kommen. Se giene altyd tegearre op fakânsje en dat wiene aktive fakânsjes, dêr't in protte yn kuiere en skyd en langlauft waard.

Pytsje mocht ek graach fotografearje. At se dêrmei dwaande wie pakte Bettie yn 'e regel mar in boek want Pytsje koe mei har tastel wol tweintich minuten om in hynstebloom hinne meneuvelje. Sa? Of sa? Of dochs mar fan dy kant?

Pas doe't har heit weirekke en mem nei in âldereinflat gie kaam Pytsje op harsels te wenjen yn in flat oan de Kei, sân heech. Mei de ferkiezings hong se de grutste PvdA-affysjes dy't der te krijen wiene foar de ruten. Har famylje wie wichtich foar har. Se hie in soad belangstelling foar har muoikesizzers. Withoefaak wie se fan 'e partij by jierdeis, skoalfeesten of mei Sinteklaas. Mar je moasten harsels net al te nei komme. 'Jimme mutte jim niet met myn leven bemoeie.' In húshâldster wie se net. Eins wie it yn har flat mar in grutte binde. Oeral lei wat en neat koe fuort. Ferpak-kinkjes, spjeldsjes, skulpen en stiennen dêr't oantinkens oan ferbûn wiene, tydskriften en boeken oer it sosjalisme en oer de natuer. Kranteknipfels dêr't wat wichtichs yn stie. In jier of tsien lyn stroffele se oer it iene of oare en bruts se har heup. Se folge de terapy net al te trou en sadwaande waard it rinnen minder. Trouwens net allinne it rinnen. Se fergeat dingen, koe dingen net mear fine en nei lang tsjinwrotten gie se ferline jier maaie nei it *Erasmushiem*. 'Efkes foarstelle: Pytsje van den Akker, PvdA, ja, ik doen myn naam ear an!' By de stimmerij op 10 juny makke se noch wakker reklame foar de partij dy't se altyd trou bleaun wie: 'Jimme mutte op my stemme: PvdA.' Doe't in bewenner oan it biljert sei dat er net fan doel wie en gean te stimmen wie it *Erasmushiem* te lyts! In grut skandaal wie it! Op 25 maaie fan dit jier kaam der in ein oan har libben. By it ôfskied yn it krematoarium leine de blauwe kile, de reade halsdoek en it fluitsje oan de wite koadre njonken de kiste, mei dêroerhinne de reade flagge dy't eartiids by heit en mem út it rût hong. En der waard songen: *Wij zijn jong en de aarde ligt open*.



# Bauke Altenburg

1928 - 2013

Bauke Altenburg waard berne op 1 maaie 1928 yn Rien, mar hy groeide op yn Harns dêr't syn heit wurke yn 'e haven. Dy haven wie foar Bauke en syn freontsjes in prachtich boartersplak. Op 'e roomske skoalle koe er goed meikomme. Doe't er yn de heechste klasse siet moast er op in dei op besite by in rike roomske famylje. Hy wie útsocht om nei it seminaarje en sy soene it bekostigje. Sa kaam it dat Bauke, tolve jier âld, yn it earste oarlochsjierr yn Limboarch bedarre. Oan 'e iene kant deaûnwennich fansels, mar tagelyk mocht er graach leare en wie er ek wol wat in streberke. Mar hy makke it gymnasium net ôf. Yn 1945 waard it seminaarjgebou troch de Dútsers yn beslach nommen en Bauke kaam werom yn Harns. Nei't er hjir en dêr in baan of in baantsje hân hie, kaam er telâne op 'e administraasje fan it kondinsfabryk yn Ljouwert, dêr't er syn hiele wurksome libben bleaun is. It wie noch yn 'e tiid fan de automatisearing mei pûnskaarten. Unbidich grutte masinen stiene yn kuolle romten en legers froulju wiene mei dy kaarten dwaande.

Op in dûnsjûn yn Harns – it sil wol in katolike dûnsjûn west hawwe – moete Bauke Gerarda Aleida Johanna (koartsein: Gerrie) Jongbloed út Twinte. Sy hie seis jier novise west yn in kleaster, mar se wie derút stapt en no wurke se yn it sikehûs. Se twivele noch hieltyd oft se net weromgean soe of moast, mar yn 1956 trouden se. Sy waard gjin non en Bauke wie gjin pryster wurden. It tsjerklik houlik wie yn Twinte en yn Harns trouden se op it stedhûs. Yn Ljouwert wennen se yn 'e Vuurdoornstrjitte, letter yn 'e Seisbierrumerstrjitte en it Koerierstersespel, om te einigjen yn 'e Marsumerstrjitte. Fons waard berne en Chris, Hanneke en Els en op it lêst Bouke.

Heit Bauke krige op syn wurk mear taken taskikt. Under oare de lieding oer it rezjimint froulju dat pûnskaarten ferwurkje moast. Miskien wie it wol wat tefolle foar ien dy't sa sekuer wie.